

Wenje yn it Wetterlân 4

Nei skoalle

Wij wennen op Sitebuorren en dat hearde ûnder Grou mar myn âldere suster Roelie is de earste pear jier yn Warten nei de legere skoalle west. Dêr brocht ús heit har oan it begjin fan de wike hinne en dêr bleau se de hele wike. Dat koe omdat se dan bij ús beppe Ike wie dy't yn Warten wenne.

Letter gong Roelie yn Grou nei skoalle en ik koe doe ek mei fansels. We moesten moarns heel betiid fuort. It wie soms noch tsjuster. We hiene doe al learzen. Bij Wiebren Wartena (Grut Blijema) moesten we oer de Grefte setten wurde hê. Tjeerd en Pieter Wartena rûnen ek mei ús nei Grou ta. Dan rûnen we earst in ein oer de polderdyk nei de Wide Burd. Dêr, bij Siekmans lâns, wie in brechje en bij Beek (Lyts Tjallinga) wie wer in brechje. It wiene doe allegear brechjes omdat de boeren eartiids mei grutte preammen troch dy heafearten nei har lân farre moesten om hea en gers op te heljen. Dan makken we in grutte ombocht want dan kamen we foar in grutte pôle mei reid en sa. Dêr koene we net trochhinne. Dêrnei wiene we yn it lân fan Jonkman (Bennema) en dêr gongen we oer it hiem. Der stiene ek beammen mei hele lekkere appels wert we wol ris ta sieten fansels. Us paad gong fierder bij Tjeerd Hiemstra lâns. Dy wenne yn sa'n arkje mei wat beestjes yn in hok. Dan wer fierder troch it lân. Yn dat part fan ús tocht leine op ferskillende plakken planken oer de fearten mei in leuning derbij. Sa kamen we bij de pleats Ekema. Dêrwei rûnen we wer op'e polderdyk. Ek no wer oer twa brechjes. It lêste wie krekt foardat we bij Broer en Leentsje wiene (No de Vries). It kanaal wie der fansels noch net. Us reis gong fierder troch de Haanskrite. As we hast bij de Wite Buorkerij wiene moesten we oer it lêste brechje. Dan kamen we bij Snoeke- Aachje. Dy wennen op'e Wite Buorkerij. Aachje sette ús dêr altyd oer de Grou. We wiene altyd mei in ploechje fansels: Tjibbe Stelwagen, Jan Leistra (Jan Lyster), Tseard en Pieter Wartena, Jelle v.d. Wal mei syn broer en myn suster en ik sels moesten oersetten wurde. Op'e oare kant rûnen we dan fierder nei skoalle ta. We diene der in oere oer om fan Sitebuorren yn Grou te kommen. Aachje helle ús middeis ek wer oer. Dy wist krekt de tiid hê. We hiene ek in toeter. Dy hong dêr. Dan koene we toeterje en kaam se der oan. We kamen dan wer let thús. Faak wie it al hartstikke nacht. Us heit sei: "We wenje sa'n ein fuort, we moatte sjen oft we dêr wat fergoeding foar krije." Doe gong er mei in fyts mei in kilometerteller it paad lâns wat wij rûnen. Doe krigen we ek in fergoeding want it wie mear as fiif kilometer. Krekt in bytsje mear leau'k. Yn Grou hiene we in kosthús der ieten we. Wij wiene bij Sjoerd en Tryntsje de Jong. Dy wiene slachter achter de tsjerke. Dêr ha we altyd iten mar we gongen middeis wol elke dei nei hús. Hjerstmes as de Boarch- en Haanslannen ûnder wetter rûnen koene we der net weikomme en dan bleaune we de hele wike bij Sjoerd en Tryntsje yn ús kosthús. Dat wie in ramp. Dan sleepte ik mei Heab v.d. Meer wat yn Grou om. Beide ûnwennich. Dêr wiene we krekt sa lang oant, oan'e ein fan de winter, it lân wer boppe wetter kaam en we

wer rinne koene. We moesten doe sneon-te-moarns ek nei skoalle en as we útkamen helle ús heit ús op mei in oanhangmoterke en in skou. Och dan wiene we sa bliid. Hij moest ek nei Grou om it molkjild op te heljen hê. Soms gong er noch even nei Gerrit Adema oan om it moal te beteljen. Dan kaam er bij ús kosthús en dêr moest er fansels ek noch betelje. Ik wit wol dat er ris sei: “No is de helte fan it molkjild al op.” Einliks gongen we dan nei hús ta. Dêr lei dan al wurk foar ús klear. We hiene doe al in melkmasine en dy moesten we wer yn elkoar sette. Dan de skuorre oanfeie en sturttiizje. Dêrnei noch ien dei op Sitebuorren en dan waarden we moandeis troch ús heit wer nei Grou brocht. Ien kear, doe’t we troch it lân rûnen, gongen we wat te fluch en sieten we op in leuning fan sa’n brechje op de oaren te wachtsjen. Doe donderen we der troch. De leuning knapte. Wij allegear achteroer yn dy feart. In modderige feart. Ik sjoch noch Pieter. Dy kaam der as in neger wer út hê. En ús Roelie, dy gong al nei de ULO, dy soe ús helpe en har tas foel der ek bij yn de sleat. Sa moesten wij as fersûpte katten wer nei hús werom.

As it sterk iis wie gongen we ek wol op redens nei Grou ta. Dan rieden we oer de Boarchsleat. Dy wie nauwer as de Burd en it iis wie sterker. Dat gong maklik hear.

Letter doe’t de dyk troch de Burd kaam krigen we in auto en kaam der in graazje bij Pieter Wartena op it hiem. Dêr hiene we de fytsen ek stean. Doe is it allegearre folle better wurden.

Yke de Groot – Tilma